22-3-'98

't SKIEPPE-STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

COLOFON

IT SKIEPPESTURTSJE

22-e jrg. nûmer 3, septimber '98

't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje of oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bydragen fan de lêzers.

doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

Redaksje-adres:
J.W. Nota
Waltawei 39
8765 LN Tsjerkwert

Redaksje:
Ineke Dijkstra
Sylroede 5 (til. 0515 579498)
Trudy Witteveen
Beabuorren 1 (til.0515-572549)
Joop Nota
Waltawei 39 (til. 0515-579499)
Gerben Wijnja
Waltawei 53 (til. 0515-579348)
Henk van der Zee
Waltawei 31 (til. 0515-579768)

Typewurk:
Gjettje Dijkstra-Van der Veen,
Gerben Wijnja

Stinsilwurk:
Henk van der Zee

Untwerp omslach:
Albert van Lingen Jr., Wergea

Bankrelaasje:
Rabobank Boalsert
gironûmer fan de bank: 85.68.29
Rekkeningnûmer: 3087.56.800

Bydragen kinne oermakke wurde mei fermelding fan "bydrage 't Skieppesturtsje" en it jier dêr't it betrekking op hat.

Foarwurd fan de redaksje

Iepen hûs yn fiif-fâld

Fakânsjegefoel

As it reinwetter noch tsjin de ruten slacht en de reisgidsen op tafel útnoegjend ferhelje fan in prachtige simmer yn gebieten dêr't de sinne it nea ôfwitte lit, dan hat men al wille yn't foar. Fier fuort fan dat grauwe waar, noflik earne oan in strân ûnder in parasol, lang om let ferlost fan it waar dat gjin waar is en fan de files ûnderweis. It smoarhite waar hat men der op ta, it strân is goudgiel, de see himelsblau en de drankjes binne hearlik koel. Einlings rêst, mar dan wol mei op syn minst tûzenen oaren, deun op elkoar. En dat stie nea op dyn prachtige glamourfoto's yn de folders. De mondaine kustplakken mei hjoeddeisk entertainment binne net te fergelykjen mei de rêst dy't noch op de waadeilannen te finen is en dêr't op it strân altiten wol plak by't soad is.

It fakânsjegefoel past by de simmer en it makket eins net út hoe't de frije dagen trochbrocht wurde: de ien siket de stilte yn de rûche bergen fan Noarwegen, in oar rint him it swit yn'e skuon yn it heechgeberchte fan Switserlân, wer oaren binne net wei te slaan by it skûtsjesilen of sykje de gesellichheid fan de stêd, op in terraske, sneupe yn útnoegjende winkeltsjes op syk nei in aardich souvenir of nei dat boek dat al sa lang op it ferlanglistke stiet mar dat al jierren útferkocht is. En dan is der de kategory dy't net fan hûs wei te slaan is, genietet fan syn of har eigen paradyske yn'e tún, of wurket oan it ûnderhâld dêrfan.

Toeristyske trekpleisters: fan mole oant keunstrûte

Us doarp hat ek minsken oer de flier krigen dy't krekt troch it fakânsjegefoel harren hjir tige fermakken. Dat kinne bûtenlanners wêze, saas de Italianen dy't yn 't Polderhúske by de Beabuorstermole dochs wol ûnder de yndruk kamen fan de striid tsjin it wetter dy't oant de dei fan hjoed ta bestean bliuwt. Mar it kinne ek 'dagjesmensen' wêze dy't op de keunstrûte by Ada Stel of by Gerrit Wijngaarden op besite wiene. It tige slagge eksperimint fan ferline jier krige dit jier in ferfolch en oer belangstelling hie men net te kleien. It is goed foar de bekendheid fan de gemeente en ús lytse doarpen mei harren keunstners. Trochgean soe'k sizze.

Op boerepaad
Us agraryske spesjalisten ha dizze simmer ek foar master opslein. Op sneon 1 augustus holden Lolle en Titia Hylkema, Yeb en Trudy Witteveen en Meinte Galama iepen hûs op harren pleatsen. Belangstellenden waarden mei leafde foar it fak ynformearre oer wynenerzjy, in ryk ferskaat oan prachtige bisten en it Bedriuwslaboratoarium foar Grûn- en Gewaaksûndersyk. De mini-camping fan Herre en Gepke Heeres yn Hieslum makke ek diel út fan dit fjouwerkaart. It wie de fjirde en lêste iepen dei fan dit simmerseizoen dy't op inisjatyf fan de ôfdieling Boalsert-Wûnseradiel fan de FLTO en de ferieningen fan Bedriuwsfoarljochting Hennarderadiel, Westergo en Warkum organisearre waard. Der wie in rûte oan de iepen dei koppele en dat brocht in protte minsken op boerepaad.

Op tsjerkepaad
Tsjerkwert hat der koartlyn in fiifde trekpleister by krigen. Yn it wykein fan it doarpsfeest dienen Akke en Joop Nota de doarren fan it kreas restaurearre tsjerkje iepen foar de doarpsbewenners en oare belangstellenden. Wat in prachtich foarbyld fan partikulier inisjatyf hat hjir gestalte krigen sûnder dat der eins sprake is fan stipe fan de oerheid. In offisjele iepening wie gjin sprake fan. Dêr binne Joop en Akke de minsken ek net nei. De sympatike beskiedenens fan de restaurateur en syn frou sprekke boekdielen. Mar .... as de gemeente Wûnseradiel in kultuerpriis hie, dan soe Joop Nota grif nominearre en heech oanslein wurde om dy te winnen. Miskien dat de gemeente by it lêzen hjirfan op dy gedachte komme kin. De grutte prestaasje dy't Joop levere hat fertsjinnet soks yn alle opsichten. As in foarm fan oanrikkemandaasje, dy't by in nominaasje heart, ferwiis ik wat dit oanbelanget graach nei it wiidweidige artikel dat wy fierderop yn dit nûmer oan skiednis, restauraasje en bestimming fan it eardere Grifformearde tsjerkje oan de Waltawei wijd hawwe.

Ofsluting simmerseizoen
En dan wie der it doarpsfeest noch as in soarte fan ôfsluting fan it simmerseizoen. It waar spile mei, in protte frijwilligers, drok yn't spier, om der wat feestliks fan te meitsjen, it korps dat troch de buorren gong en him de longen út it liif spile doe't se yn de tinte harren repertoir heare lieten, de spultsjes foar jong en âld, fan kûpkestekken en toulûken oant keatsen en jeu de boules ta. Doe't de flaggen alwer oprêden wiene, hongen de keatskrânsen as tastbere tsjûgen oan de muorren fan de grutske winners. Se sille der hingjen bliuwe oant it keatsseizoen ôfrûn is.

Oan it simmerseizoen is no ek in ein kommen. Men kin wer útsjen nei oare tiden mei oare hichtpunten. It wurk op de skoallen moat wer oppakt wurde. Foar guon is dêr de earste ûmwennige stap nei de basisskoalle, oaren krije foar it earst yn harren libben te krijen mei it fuortset ûnderwiis yn de stêd of sykje it noch hegerop. Wy winskje harren allegearre in goed skoallejier ta en súkses mei de stúdzje.
It ferieningslibben freget wer folop omtinken (sjoch "Op de MAT"), it deistich wurk likegoed. Faaks dat der wer folop plannen makke wurde want de reisgidsen binne noch fier fuort. Lit dan it reinwetter mar wer tsjin de ruten slaan, want de gesellichheid moat aanst wer binnendoar socht wurde. Mei dizze Skieppesturt winskje wy elkenien yn elk gefal de nedige lêswille.

Gerben

Van de Oranjevereniging ...en dan het dorpsfeest

We gaan eerst nog even terug naar koninginnedag. In totaal zijn er vier ballonnen teruggekomen. Alle kaartjes waren afkomstig van Texel, het is dus aannemelijk dat er heel wat gekleurd rubber in de Wadden en/of Noordzee terechtgekomen is. Omdat we het een beetje kinderachtig vonden om alle afstanden precies te meten is er besloten alle teruggekomen kaartjes te belonen. De prijzen gingen naar: Marije Wijnja, Hanna Harkema, Frans Galama en Djurre Zijsling. Er was een troostprijs voor Ruurdje Dijkstra, haar ballon heeft het sportveld nooit verlaten.

En dan het dorpsfeest.

De vrijdag begon met een domper, door de ziekte van voorzitter Nico Hielkema. Salvatore werd bereid gevonden het feest te openen. Er werd begonnen met het traditionele kaatsen en volleybal en niet te vergeten , de kinderspelletjes. De kinderen waren verdeeld over acht groepen, met ieder een eigen kleur en eigen leidster. Dat laatste bleek een gouden greep, want de kinderen bleven zo mooi bij elkaar. Bedankt Nellie, Riekje, Janet, Biny, Aggie, Hiltje P., Thea en Clara. Er werd een parcours afgelegd bestaande uit, bandenspringen zaklopen, skelterrace en skippybalspringen.
De 1e prijs ging naar het blauwe team, bestaande uit: Harmen Postma, Andrea de Boer, Helena Zijsling, Thomas van Zuiden, Froukje Walsma, Yme Gietema, Rein Bakker en Hanneke Buma.
De 2e prijs was voor het oranjee team: Syberen Hiemstra, Hilda Galama, Sietske Buma, Jan Witteveen, Seakle Zijsling, Gerard Ree en Carlijne Balkema

De 3e prijs ging naar het gele team: Hielke Hielkema, Florine Balkema, Peter van Zuiden, Jacobien Postma, Jelle Gietema, Pier-Jan Zijsling en Sjors Witteveen.
Ondertussen werden in de tent creative hoogstandjes vervaardigd onder de deskundige leiding van Agatha Miedema, we hebben het over het bloemschikken, een onderdeel van het feest dat zeker voor herhaling vatbaar is. Na de finale-partijen van het volleybal en kaatsen werd er in de tent begonnen met klaverjassen en rummikub.
De kinderen zaten keurig op het podium hun beurt voor het schminken af te wachten. Het resultaat mocht er zijn. Ellen Hielkema heeft heel wat foto's gemaakt van poezen, tijgers, prinsesjes, clowns etc., die zich overigens ook prima vermaakten in de zweef. Ellen bedankt, de kinderen hebben de kiekjes inmiddels ontvangen.
Het klaverjassen werd door tijdgebrek ingekort naar twee bomen. Het eindresultaat was een 1e plaats voor Jan Blanksma, 2e Marrit Schakel/Tonny Witteveen en 3e werd Leny Haytema.

Het korps bracht ons 's avonds naar de tent, waar aansluitend een geweldig concert werd gegeven. Er werden leuke en vrolijke stukken ten gehore gebracht onder de bezielende leiding van Nynke Dijkstra. Ook was er een leuke sketch van Bertus-Rinse Bakker en Theo Galama. Allemaal bedankt!
In de pauze werden de volgende prijzen nog uitgereikt:
Kaatsen junioren: 1e prijs Sjoerd Wijngaarden(**koning**), Eduard Witteveen, Maria Dijkstra.
2e prijs: Cor de Groot, Bert-Jan Ouderkerken, Seakle Witteveen.
3e prijs: Brandt Volbeda, Hans Haarsma, Rianne van Buren.
Kaatsen senioren: 1e prijs: Thomas Burghgraef (**koning**), Johan Ouderkerken, Bertus Walsma.
2e prijs: Sjoerd Bouma, Sietse Gaastra, Dies Volbeda.

3e prijs: Age Gietema, Steef Haarsma, Frerik Kootstra.

Bij het kaatsen gaat ook onze dank uit naar Jan Dijkstra voor het samenstellen van de parturen en de supervisie. Ook Adam en Wiebren bedankt voor het leggen van de Workumer lijnen!

En dan de uitslag van het volleyballen. Dat was niet best. Een fout. Een grote fout. Alles drie keer nagerekend, dus dat moest kloppen. Helaas had ik een uitslag verwisseld en dat is me diverse keren onder de neus gewreven. Gelukkig was alles nog te achterhalen, alleen waren de medailles al verdeeld. De echte 1e prijs winnaars hebben allemaal een bloemetje gekregen, met mijn welgemeende excuses, de juiste uitslag stond in de "Bolswarder"en hier komen de namen nog een keer, ik hoop dat ik het zo heb goedgemaakt.

1e prijs: **Jelle Zijsling, Jan-Willem Beijer, Marjolein Vught, Bert Miedema, Karin Harkema en Maria de Boer.**

2e prijs: Jan Witteveen, Tony Witteveen, Folkert Hofstra, Lybrich Schakel, Thecla Beijer en Tineke Schukken.

Na de huldigingen werd er tot in de kleine uurtjes gedanst, geroeid, gezongen enz. onder leiding en op muziek van "Duo Nooitgedacht.

Zaterdag, de nacht was kort, de kelen droog, dus weer achter de muziek aan richting tent, waar de koffie gelukkig al klaar stond. De weergoden waren ons gunstig gezind tijdens het Jeu de Boules en het Kuipjesteken. De heer Van der Meulen uit Sneek was naar Tjerkwerd gekomen in een demonstratie van de Jeu de Boules sport te geven. De belangstelling en het enthousiasme waren groot zowel bij jong als bij iets minder jong! Een blijvertje voor de volgende feesten?
Bij het kuipjesteken was de belangstelling iets minder groot, vooral bij de volwassenen. Ondanks de vele voorbeelden van Salvatore en

ondergetekende, waren het alleen de kinderen die een nat pak aandurfden. Uitgezonderd Liesbeth Galama, zij ging de uitdaging aan! Voor de kleinsten van ons waren er videofilmpjes in de tent. De draaimolen die op het programma stond, was (buiten onze schuld) vrijdags al geweest en stond zaterdag al weer elders opgesteld.
's Middags verhuisde de Tjerkwerder bevolking naar het erf van de familie Huitema. Hier stonden fierljeppen en touwtrekken op het programma. Het duurde even voor er genoeg namen op papier stonden, maar toen er één schaap over de dam was volgden er spoedig meer. Bij de dames was de deelname uitermate slecht. Twee flinke meiden gavan zich op, te weten Anneke Hylkema en Lybrich Schakel, deze laatste waagde zich later op de middag nog even op een andere schans, maar daar zullen we het nu niet over hebben.
Beide deelneemsters hadden ongeldige sprongen, maar hun moed en moeite werden beloond met een medaille. De junioren lieten zich ook niet onbetuigd! Talent genoeg in Tjerkwerd. Hier was het Folkert Hofstra die er met de eerste prijs + wisselbeker vandoor ging. Sjoerd Bakker werd tweede en de derde medaille ging naar Sjoerd Wijngaarden.
Bij de senioren was te zien dat we te maken hadden met "oude rotten" in het vak. De pols werd vakkundig gepoetst, de stand van de pols ten opzichte van de schans, springer enz. van alle kanten bekeken, het zandbed extra aangeharkt, kortom it soe heve.
De mannen maakten er een mooie wedstrijd van, vooral Fokko hield ons even in spanning door wat langer onder water te blijven dan wij noodzakelijk achtten. Hij kwam , net op tijd, met het shirt over zijn blauw aangelopen hoofd boven. Gelukkig hoefde de E.H.B.O. niet in actie te komen. Ondanks alle consternatie bleef de sprong ongeldig.
Het lukte good old Johannes Dijkstra niet om met de eerste prijs naar huis te gaan, hij moest zich tevreden stellen met de tweede plaats, de derde prijs en een tút van Annneke waren voor Theo Galama, terwijl Jan Postma zich over de wisselbeker en de eerste prijs ontfermde.

Het touwtrekken werd "in spultsje om 'e nocht" Ik moet eerlijk bekennen, ik heb nog nooit zoveel vlees aan een stuk touw zien hangen.
's Avonds wàs het gezellig druk in de tent en kreeg Lays de mensen op de dansvloer. Einde van twee, naar mijn bescheiden mening, geslaagde dagen.
Langs deze weg willen we Johannes Dijkstra nog bedanken voor zijn professionele hulp bij het plaatsen van pols etc., Haarsma bv. En Ouderkerken en zonen voor het beschikbaar stellen van materiaal en mensen, Mts. Huitema voor het gebruik van erf etc. en de dames van de E.H.B.O. die beide dagen aanwezig waren. Eigenlijk moeten we gewoon iedere Tjerkwerder bedanken, want feest maak je toch met elkaar. Mensen Bedankt!
Suggesties, op- en aanmerkingen (liefst van opbouwende aard) kunt u kwijt op de jaarlijkse ledenvergadering, vrijdag 20 november 1998.

Namens de Oranjevereniging,

Betty

Waltahûs-nijs

Geachte dorpsgenoten,

Even een kort berichtje van "ús doarpshûs".
De vakantieperiode is voor de meeste mensen voorbij zodat de herfst c.q. winteractiviteiten weer worden opgestart. Het muziekkorps en het kerkkoor zijn inmiddels al begonnen met hun oefenavonden en als u dit leest zijn ook de kaart- en biljartclub gestart.

Gaarne een verzoek aan alle verenigingsbesturen in ons dorp. Heeft u datums die vast staan dat u gebruik maakt (of gebruik wilt maken) van It Waltahûs, dan willen wij dit gaarne op papier ontvangen. Dit heeft als reden: wij willen dit voor het gehele seizoen 98/99 in onze agenda noteren zodat wij bij eventuele verzoeken direct weten of het dorpshuis in gebruik is. Gaarne deponeren in de brievenbus van It Waltahûs.

Wij hebben als bestuur over het schoonmaken van het dorpshuis gesproken en vonden dat het eigenlijk wel aan een "grote beurt" toe was. Wij hebben hiervoor een offerte gevraagd en geaccepteerd zodat jullie straks op een dag de Fa. van der Bles uit Makkum hier zien staan. Dit is voor het balkon, de grote zaal (tot helemaal bovenin) en de ramen binnen en buiten. Dit is hoog en zonder stellage en/of ladders niet bereikbaar, reden waarom wij dit niet met vrijwilligers doen en dit uitbesteden.
Hieronder vallen dus niet de keuken, bar, hal en wc's, wat wekelijks door onze eigen mensen wordt gedaan.

Voor het overige hebben wij op dit moment niet veel nieuws te melden en wensen wij een ieder een prettig en positief winterseizoen toe. Tot ziens in It Waltahûs.

Stichting "Doarpshûs It Waltahûs".

Stichting Windkracht Tien

Hierbij weer even wat informatie omtrent het wel en wee van het windpark en WK10.

Allereerst willen wij de verenigingen en stichtingen in het dorp verzoeken om voor 1 oktober 1998 hun verzoeken om een bijdrage in te dienen bij onze voorzitter Johannes Dijkstra , van Panhuysweg 2 te Tjerkwerd.

De problemen met de tandwielkasten zijn gelukkig goed opgelost. Door stilstand is een produktieverlies van 176.000 kwh geleden. De verzekering dekt de grootste schade.

De produktie voor het eerste halfjaar 1998 is als volgt:

jan.: 600.000 kwh mrt.: 651.000 kwh mei: 362.000 kwh
febr.:766.000 kwh apr.: 456.000 kwh juni: 537.000 kwh

Het windaanbod in dit halfjaar is redelijk te noemen en blijft iets achter bij het maandgemiddelde van 1988/1997.

Het bestuur.

It Pjuttehonk

Dinsdag 25 augustus is de peuterspeelzaal weer begonnen. Tot aan de kerstvakantie draaien we met het maximale aantal peuters op de beide dagen. Tot die tijd zijn we dus echt volgeboekt.
Veel van de "oudere" peuters komen nu 2x per week, terwijl de nieuwe peuters 1x per wek komen.
De nieuwe peuters zijn: Bauke de Jong, Lute Postma, Henk Labordus, Sven Bijlsma, Roel Hekkema, Bauke Hiemstra, Mark Miedema, Iris Feenstra, Tessa van der Zee, Froukje Postma.
In totaal zijn er 21 peuters die de peuterspeelzaal bezoeken.
Alle peuters weer veel speelplezier toegewenst!

Vrijdag 11 september j.l. hebben we de verjaardag van juf gevierd. Een versierde stoel met daarop een feesthoed stond al klaar. Wat een feest:20 peuters met 4 moeders.
Alle peuters hebben een feesthoed gemaakt. We hebben gezongen, gedanst en natuurlijk lekkere dingen gegeten. Alle peuters hartelijk bedankt voor jullie leuke tekeningen en kadootjes: het was een prachtig verjaardagsfeest.

Op vrijdagochtend 10 oktober a.s. bent u van harte welkom op de koffieochtend. We zijn dan in de benedenzaal van "It Waltahûs". De kinderen kunnen daar dan spelen, terwijl u kunt genieten van een kopje koffie. Tot dan!

Voor opgave van peuters en/of informatie kunt u terecht bij: Karin Harkema tel: 579333.

Met vr. gr.

Karin.

60 + Soos

Beste mensen, op 21 oktober gaan we weer met de 60+ soos beginnen. Voor iedereen die het nog niet weet de 60+ soos komt één keer per maand bijeen vanaf oktober tot april.
Deze bijeenkomsten vinden plaats in het "Waltahûs" op de woensdagmiddag van 2-4 uur.
Gemiddeld komen er zo'n 25 personen.
De kosten bedragen vijf gulden p.p. incl. thee en koekje.
We proberen de middagen zo gevarieerd mogelijk te houden zodat er voor elk wat wils is.
Bent u nieuwsgierig geworden?
En wilt u ook graag even gezellig bijpraten met de 60 plussers uit de omgeving?
Aarzel dan niet en kom gerust eens bij ons kijken!

U bent van harte welkom!!!!

Vr. groeten,

Hinke Twijnstra en Alie Mekking.

Programma 60+ soos '98-'99

21 oktober : Ytsje Hettinga met sketsjes en voordrachten.
18 november: Gerrie Zeinstra (accordeon)
"Kun je zingen, zing dan mee"
16 december: Kerstfeest. Broodmaaltijd??
13 januari : Hylke Speerstra (schrijver)
vertelt uit eigen werk.

10 februari : Mevr. Douma-Foppema van de
"Stichting Ouderenwerk" uit Bolsward.
10 maart : Spelmiddag!!
?? april : Afsluiting van het seizoen, reisje.....nog onbekend!

Cursus Bloemschikken

HET BLOEMSCHIKKEN o.l.v. Pietie uit Koudum begint weer op dinsdagmorgen 20 oktober om 9.00 uur in het Waltahûs.
De volgende data 's zijn: Maandagmorgen 30 november
Dinsdagmorgen 2 februari
Dinsdagmorgen 9 maart
Iedere morgen om 9.00 uur.
Heeft u hiervoor belangstelling, geef u dan op bij Pietie.
Telefoon: 0514- 521615
Van haar kunt u nadere informatie krijgen.

Naaicursus

In september is het weer zover, dan gaat de naaicursus van de Modevakschool Bolsward weer van start.

In kleine groepjes wordt aan de cursisten geleerd hoe je met behulp van patronen de modernste of leukste kleding zelf kunt maken.

Lerares Epie Wijngaarden

Plaats	Olieslagerstraat 6 Bolsward
Kosten	f. 37,50 per maand. *

In principe nemen de cursisten hun eigen naaimachine mee. Dat bespaart niet alleen veel tijd maar vaak weet men niet half hoeveel mogelijkheden de eigen machine biedt.
Voor tel. Informatie : 0515-579761

ER ZIJN NOG ENKELE PLAATSEN VRIJ !

Wist u trouwens dat Modevakschool Bolsward ook officiële vakopleidingen biedt voor costumiëre, coupeuse en Haute-Couture?

*per maand 1 vrije week

Klaverjassen

Klaverjassen vanaf 15 september.

Ja, het is weer zover. Op dinsdag 15 september zijn we weer van start gegaan met het nieuwe seizoen. Een ieder is dan natuurlijk weer van harte welkom om mee te draaien in de wekelijkse competitie.
Voor sommige mensen die graag en kaartje leggen is dat wekelijkse een bezwaar, "het is zo vaak". Voor die mensen hebben wij al jaren de mogelijkheid om in een "bv" mee te draaien. Dat betekent dat je samen met iemand als een lid mee doet aan de competitie. Je hoeft dan slecht s een keer in de twee weken te kaarten.

U begrijpt, een ieder mag en kan dus meedoen. De enige voorwaarde die we stellen is dat je al een beetje moet kunnen klaverjassen. Maar da 's te leren, dachten we zo.
We hopen dan ook dat er weer velen zullen komen vanaf 6 oktober a.s.
Voor de kaarters die het afgelopen seizoen mee hebben gedaan nog even de eindstand van seizoen 1997/1998. Daarin sloegen de Dijkstra's hun slag.
Ze wonnen de competitie met een gemiddelde van 4741 punten. De wisselbeker is inmiddels in hun bezit en als het goed is mee verhuisd naar hun nieuwe woning.
Hieronder de totale uitslag.:

1.	Dijkstra bv.	4741
2.	Maurits IJdema	4730
3.	Bert Miedema	4720
4.	Jelle Twijnstra	4700
5.	Betty Jellema	4670
6.	Jitte Huitema	4661
7.	Aukje Galama	4647
8.	Jaap van Lingen	4634
9.	Willem Haytema	4623
10.	Jouke Hettinga	4622
11.	Jelle Zysling	4620
12.	De Jong bv.	4618
13.	Sam Dijkstra	4584
14.	Riet Bruinsma	4557
15.	Andre Huitema	4528
16.	Rob Dijkstra	4462
17.	Sonja Huitema	4461
18.	Yde Schakel	4454
19.	Bertus Walsma	4430

Tijdens het seizoen houden we ook enkele records bij, zoals de hoogste boom op een avond gehaald. Dit jaar was dat een boom van 2424 punten gehaald door Yde en Jelle Z. De laagste boom werd gehaald door Aukje en Betty die met 738 punten diep door de modder moesten kruipen .
Aukje en Betty haalden ook de minste roem, 20 punten. De meeste roem werd gehaald door Yde en Jelle Z., 640 punten. Bert wist op een avond de meeste punten te behalen, 6096 maar liefst, terwijl Aukje het laagste aantal punten op een avond wist te scoren, 3419. Goed, tot hier de resultaten van het afgelopen jaar. Op dinsdag 6 oktober gaan we er weer fris tegenaan. Tot ziens.

Voor info: Betty Jellema, tel. 579097 of Maurits IJdema tel. 575633

KEATSSEIZOEN 1998

Dit jier wiene der wer sa 'n 50 keatsers (sters) aktyf.
Fansels wiene se der net eltse kear, mar dochs koe der 17 kear tsjin it lytse (hurde) baltsje slein wurde.
De útslach:bern:

1. Aggie Walsma 89 punten
2. Okke J. Postma 69 „
3. Tiemen Steur 58 „
4. Anita Haarsma 56 „
5. Ruurdje Dijkstra 54 „

Junioren:
1. Hans Haarsma 89 punten
2. Brandt Volbeda 83 „
3. Cor de Groot 78 „
4. Dies Volbeda 73 „
5. Auke Walsma 71 „

Froulju:	1.	Maria Dijkstra	91 punten
	2.	Lisette Kootstra	59 „
	3.	Maria de Boer	57 „
	4.	Gritta van Buren	56 „
	5.	Lybrich Schakel	45 „

Senioren:	1.	Johan Ouderkerken	72 punten
	2.	Adam Poelstra	71 „
	3.	Durk Ouderkerken	65 „
	4.	Wybren Poelstra	65 „
	5.	Jan H. de Groot	58 „

Jan Dijkstra krige by syn ôfskie fan it Tsjerkwerter keatsen in Grinzer slokje. Begjin maaie 1999 start it folgende seizoen en it soe moai wêze as foaral de kategory "bern" wat grutter wurdt.

Oant sjen yn maaie.

Fan é Ilsferiening

Us jierlikse ledefergadering sil holden wurde op freed 6 novimber de jûns om 8.15 oere yn It Waltahûs.

Leden kinne fergees of mei koarting nei de WORLD CUP LANGEBAAN op 21 en 22 novimber yn Thialf.

FERGEES: (jildt alline foar steanplakken)

- bern o/m 12 jier ûnder begelieding fan in folwoeksene.
- dyjingen, dy 't in lisinsje 98-99 hawwe
- dyjingen, dy 't in schaats- of skatypas hawwe

KOARTING:

- Sitplak westtribune f 15,-- (yn plak fan f. 25,--)
- Steanplak f 7,50 (yn plak fan f. 15,--)

Bestellings OANT EN MEI MOANDEI 28 SEPTIMBER
by Lutske Schakel, tillefoan 579552

Fan it M.B.F.A.

It Mear Bewegen Foar Alderen begjint wer op tongersdei 1 oktober yn It Waltahûs.
It is foar elkenien fanôf 50 jier.
Jo binne nèt te jong, te âld, te stiif of te linich om hjir oan mei te dwaan.
We begjinne middeis om healwei twaën.
Jo meie fansels earst ek wol in kear komme te sjen.
Hooplik oant sjen!

Lutske Schakel

Ik jou de pinne troch

Op een ochtend kwam Okke Postma via de tuin mijn atelier inlopen. Al snel kwam de aap uit de mouw: Okke wilde graag de pen aan mij doorgeven, oftewel, of ik verslag wilde doen van mijn reis naar Afrika in september 1997 . Aangezien hij al zijn charme in de strijd gooide, kon ik moeilijk weigeren.....

In februari '97 kreeg ik en brief van een (amerikaanse) vriendin, Marjie. Daarin schreef ze, dat ze een jaar in Harare, Zimbabwe gingen wonen, omdat haar man onderzoek ging doen aan de universiteit. Dit was mijn kans om Afrika te zien. Faxen en E-mails gingen over de wereld. Martha , een vriendin en ik konden op 6 september vertrekken. Omdat we via Johannesburg, Zuid-Afrika moesten vliegen, gingen we eerst een week naar Pretoria, ook daar woonde een kennis, die onderdak voor ons regelde en overal met ons naar toe ging.
Martha en ik huurden een auto en reden heel wat kilometers. Erg indrukwekkend was het openluchtmuseum Botshabelo, hutten, fel beschilderd in geometrische vormen, dit om de triestheid van het dorre land te verdrijven. Op weg naar het Krugerpark, 450 km. oostelijk, zagen we de sloppenwijken, o.a. Mamelodi. Niet voor te stellen dat mensen daar zo moeten leven. Er liepen altijd mensen langs de snelweg, waar vandaan en waar naar toe?
In het Krugerpark zagen we erg veel wilde dieren. We dachten een rondje van 90 km. wel te kunnen maken op één dag, het werden er maar 45, zóveel bijzondere dieren kruisten ons pad: statige giraffes, eigenwijs en arrogant "schrijdend", sierlijke antilopen, prachtig getekende zebra's, kleurrijke vogels , hyena's enz.
Het was heel bijzonder om 10.000 km. van huis je "eigen" taal te horen en te lezen!

Na een week gingen we naar Harare, de hoofdstad van Zimbabwe, het vroegere Zuid Rhodesië. Marjie stond op het vliegveld te

wachten, wat maar goed was, aangezien de douane moeilijk deed en ons niet wilde doorlaten , als we geen adres hadden.
Het kwam goed! Marjie reed ons door de miljoenenstad naar haar flat en naar Kapungu, waar we gelijk een dansvoorstelling meemaakten. Ze nam ons o.a. ook mee naar het geboortedorp van Viola, haar hulp. We bezochten Viola's familie, dronken thee, maakten potten, zagen kinderen dansen. We voelen ons erg groot en erg wit in de ronde hutten. Het was voor mij het hoogtepunt van de reis. In Harare hadden we een reis geboekt over het hele land.
Aangezien Zimbabwe 10x zo groot is als Nederland, moet dat met vliegtuigen gebeuren. De 1e vlucht ging naar het Karibameer in het noorden, een stuwmeer met veel krokodillen en grenzend daaraan het Matusadona-wildpark. We maakten safari tochten per boot en jeep. Daarna vlogen we naar de Victoria Falls, een enorme waterval in de Zambesie-rivier. In Vic. Falls wilden we 's ochtends om 7 uur de 1000 jaar oude Baobabtree bekijken, 'the Big tree", maar zagen een paar olifanten en buffels lopen, wel érg dichtbij. Een paar mannen in een pickup-truck raadden ons aan om maar heel snel achterin te klimmen en weg te wezen, want dit kon wel héél gevaarlijk worden. Even later zaten we in het dorp trillend aan de koffie.
Verder met het vliegtuig naar Huange, een groot wildpark waar we een paar dagen bleven. Kuddes olifanten kwamen water drinken in een poel, voor de deur maar achter een geul. We zagen nog grote rotspartijen, ruïnes, markten. De laatste dag bezochten we Tengenenge, een kunstenaarsdorp en een tabaksplantage.
Dit was een zeer korte neerslag van 4 weken een andere wereld beleven: andere mensen, andere dieren, andere natuur, andere kleuren, kortom: een totaal andere wereld.

Ada Stel.

Stap foar stap troch Fryslân

Oars bin ik hielendal net sa'n rinner, mar Sytske woe dy sneintemiddei wol efkes te stappen, dat sadwaande hiene wy de stap der yn set en soene oer Dedzjum en Parregea wer op hûs oan.
Dat is sa 'n 7 km. en wy dogge dêr meast sa 'n 2 oeren oer, want ik wol meast troch de greiden en Sytske bliuwt wolris stean by in prater.
It wie prachtich waar, it rûn prima en al gau kamen we lâns Ule's paad op de Dedzjumer hoeke, dêr't wy de 11 Marren-fytsers tsjin kamen. Yn Parregea oankommen, seagen wy Sytse Jorritsma op it bankje sitten mei neist him Mieke fan Jan Klaren, dy tocht dat wy oan it oefenjen wiene foar de 11 Stêdentocht. Al pratende bliek, dat sy in kaart hie en dy net brûke soe, omdat se wat mei it skouder hie. Dus ik koe 'm wol krije, dat like my op fleanen en ik sei, dat ik sa lang net by Sytske wei koe.
Dus mar wer fierder op hûs oan, dêr ha ik der by riten noch wolris oantocht, mar ja, sûnder km.ters yn 'e fuotten, wêr begjinne je oan.
De moandeis ûnder it meanen begûn it selde gefoel wer, mar no wat mear. Echt drok wie it net, nou ja, der moasten in pear kij kealje en der moast 8 pounsmiet kuilt wurde en 2x deis molken. Mar der wie mei wat in flexibele ynstelling wol in mouwe oan te pasjen. Dat nei't melken jûns, sei ik tsjin Sytske: it moat oars toch mar wêze, ik soe 'm dan rinne moatte mei Jan Klaren en Gerrit Ouderkerken.
Dus ik belle mei Jan en frege om 'e kaart, lit him nou krekt nei Ljouwert west wêze en Miekie's kaart ek noch útskreaun hawwe!
As ik meidwaan woe, moast ik toch nei Ljouwert om in startkaart; dus daliks yn 'e auto en op nei Ljouwert. Noch gjin trije kertier letter stie ik mei de startkaart fan Miekie Klaren-Feenstra yn 'e hân op it F.E.C. terrein. Thúskommende moast de trein pas echt op 'e rails set wurde: skuon-iten-klean-rêchsek, ensf. ensf.
Moarns 6 oere yn 'e auto, dus ½ 6 fan bêd en wat kealtsjes boarne, (Minke soe melke moarns) hapke ite en fuort.

Yn Ljouwert wie it al in drokte fan belang. Der soene sa'n 1200 man (frou) starte, dus it âlde 11-stêden gefoel wie der suver wer. Sa'n earste dei is alles moai en prachtich,-de minsken aardich - it waar goed - de diken en paadsjes rjocht en sljocht, dus in aardichheit om te rinnen. Lâns Boksum nei Easterwierrum, dêr't Douwe v.d. Werf syn heit ús tige groete en wy him op it hert drukten, dat hy Douwe en Ytsje de groeten foaral dwaan moast, gie it op Boazum en Skearnegoutum , op Snits oan. Fan Snits fia in alderaardichst kuierpaad lâns pleatsen en greiden en de âlde wynmoune: De Rat fan Simen Jellema, op nei de stempelpost fan Drylts. Dan op nei de Hommerts en oer de Jeltebrêge richting Spannenburg. Gelokkich hoechden wy de "berch" net oer, mar sloegen we healwei, de landerijen yn, op de ruilferkavelingsdyk oan, dy't achter Tsjerkgaast lâns leit. Al pratende giene wy yn rap tempo op Sleat oan, en soene dêr 4 oere ôfstempelje. De earste dei siet der op, 50 km. yn 9 oeren. Ungefear in goed oere rêst, dus 8 dele op 50 = 6 km. per oere, net gek foar in begjinner.
Nei trije pilskes, dy't der yn rûnen as slaoalje, brocht Aggie ús treflik thús en dus daliks mar achter de kij, want de boer moat sels de leije ha. Hapke ite en doe noch in oerke swylje, want moarn komt de Vicon pers. Nei in bakje kofje en in sigaarke dochs mar op bêd, want je moatte al wat rêst ha.

Woansdei te moarn 5.30 oere gooi ik de fuotten oer de bêdsrânne en konstatear dat de spieren my achter de knibbels al wat spant stean, der wiene al blierren op de rjochterfoet, dit kin der ek noch wol by. Mar earst nei achteren en it begjint al wat losser te rinnen. Nei in kertierke sit ik oan tafel en giet it wer bêst.
7 Oere starte yn Sleat en oer de Hege Bouwen op Mirns en Laaxum oan. Hjir fjochtsje ik op eigen terrein, dus in slach yn 'e rêch en stappe, Starum is al yn 't sicht en al swetsende ferjit jo de seare fuotten en spieren. De gong sit der noch goed yn en Hylpen is

kommende; de paden liede ús nei 't Hoarntsje oan it ein fan de Warkumer haven, nei de haadstêd fan Nijefurd. We stempelje om 3.30 oere ôf. Dus net ûnaardich, wat tempo betreft, mar ik moat al efkes nei de blierreprikker, want der hinget al in pak spikers ûnder myn foet. De minsken dêr binne wol wat went sjoch ik, en se mije my ek net, wat pine betreft. Se tape de linkerfoet foar en achter goed yn en de rjochter allinne de bol fan de foet. Thús wer even melke, mar dat "even"wurdt al wat dreger, mar we rêde it op en 7 oere ite. Gelokkich hat myn helpke út Boalsert de Vicon pakken ophelle en ynpakt.

Tongersdei: it ritueel herhellet him mei dit ferskil dat alles noch wat stadiger en stiver giet, mar 7 oere rinne we út Warkum wei en ik ha Gerrit en Jan sein, dat ik mysels no rêde sil.
Gerrit en Jan ha oefene en binne yn dit stadium nochal wat rapper, alhoewol de man mei de hammer ek op harren wachtet.
Sytske stie my yn Tsjerkwert op te wachtsjen en nei in sanitaire stop en in paraplu (it wie wat mottich) giet it op Boalsert oan. Sytske hie wol yn 'e gaten dat de gong der wat út wie en hat my nei Boalsert brocht en ik mocht de hân op har skouder lizze - in weldaad!
Nei wat poeiermolke op Harns oan, mar ja, dat is net omme hoeke en allinnich rinne is ek mar neat, mar oan minsken gjin gebrek, dat al rap hie'k in prater. In foarse boeredochter fan "Stienser âldlân," keatse en hânbalje as hobby's , thús op 'e pleats helpe mei it suverjen ensf., mem fan in jonkje fan ien jier. Wy koene it skoan pratende hâlde, en ek sy loek wat mei de skonken, dat wy pasten elkoar wol. Sytske brocht ús by Kimswert in flaubyt en in droege jas.
Harns kaam yn sicht en nei wat wrotten en wramen ek berikt, mar myn stapster heakke ôf, want se siet der even hielendal troch. (letter hearde ik dat se útstapt wie). Du wer efkes "alleen op de wereld". Myn rjochter skonk woe by de knibbel net mear hielendal rjocht en ik fielde ek wer nije blierren opbloeijen, mar tusken de earen wie it noch

bêst. Dat om 15.45 oere waard Frjentsjer oandien., myn goeie gemiddelde fan 6 km. wie foarby en gie rjochting 4.5 km.

Sommige minsken tochten dat it net ûnferstandich wêze soe, as ik nei de masseur gie en nei wat wachtsjen, knoffele ik op it massage bêd ta .De man die fluitsjend en sjongend syn wurk en it hat ek fêst wol goed west foar myn skonken, mar hy sloech my wol wat te faak it krús en dat wie net myn 11 stêden krús, siz ik jim, mar ja, elts moat syn gerak ha net?

Dy jûn bin ik as in mantsje fan 80 nei de stoel strompele en de kij stiene fier fan my ôf, mar Minke is in flinke boeredochter en rêd har wol mei kij en keallen, dus gjin melkerij mear foar my, letter diene Sjoukje en Minke om bar dit wurk.

Freed út Frjentsjer de klaai op nei Dokkum ta. Fan rinne is gjin sprake mear, want de oare foet wol met mear ôfwikkelje en moat "noadgedwongen" wat bryk stean, mar 'n ljochtpuntsje is dat de linkerskonk no by de knibbel wer rjocht stiet, toch noch wat positiefs te melden foar it massage front.

It lân lûkt stadich oan my foarby, mar myn stânpunt is: eltse stap is ien yn 'e goede rjochting, net tinke-dwaan!

It Stienser âldlân komt en giet en en gean op nei Dokkumer Ie mar earst komt de Wurgedyk. Gelokkich bin ik bekend mei it ferhaal fan de Wurge, hoe lang dy dyk en feart wol net is en oan 'e ein wenje Jouwert en Ineke, goekunde en altyd ré om in kopke bouillon te setten en in telefoantsje te plegen mei it thúsfont. It is dan 1 oere en út it sté te kommen is in kwelling, mar ik haw tsjin Ineke sein, dat net oan Sytske te fertellen. Al gau stean ik foar de brêge fan Bartlehiem, as ik dy oerwûn ha, kom ik each yn each te stean mei dat froutsje mei dy hûn en dat ôfbrânde hûs en siz har, dat der wat my oanbelanget wol in bom op dy brêge dêr yn Bartlehiem fâlle mei.

Dan mei de foet wat by de dyk del, oeren rinne lâns de Ie, rjochting Dokkum, stiennen telle. Soms wolris in praatsje, mar de measten ha

wat mear traint en rinne nochal wat hurder as ik. Tink net dat it allinne mar kommer en kwel west hat hear! Ik ha hiel wat ôflake en praat, mar de pine oan de kûten en fuotten begjint soms wol wat ûndraaglik te wurden.

By Dokkum seach ik in stik of 5 froulju út 'e boskjes kommen, mei de broek op heal op 'e knibbels, seker in sanitaire stop hâlden, tocht ik, of diene se it om my wat op te peppen foar de lêste km? Seks wie op dat stuit, like fier as Kaap Hoorn.

Sneon, de lêste dei. Ik bin juster al wer nei de massage tafel west en ha mei soarch in famke útsocht fan sa'n 35 jier, dat foldie my folle better as dy yn Frjentsjer.

Der lizze noch 28 km. foar my, dus siz mar fan Tsjerkwert nei Starum, geandefoet. Ik ha my foarnommen om dit rak yn ien kear te besilen sûnder in pitstop of sa, want elke kear wer út it sté en rekke en strekke om der toch noch akseptabel by te rinnen, liket my op fleanen , dus rinne, rinne en nochris rinne.

It hie it foardiel, dat de minsken allegear hast persoanlik ôfskie nimme koene fan dy boer út Tsjerkwert, dy't tocht dat er it tusken melken allegear krekt berinne koe.

Ik ha se allegear sjoen en mei praten: Jeen v.d. Berg, ús Atsje, Jan Ykema, it keningintsje fan Ried, Jan Klomp Koopmans út Hiesllum, de man mei de hammer kaam ik ek tsjin. Dat pine op 't lêst gewoan wurdt, dat der op blierren te rinnen falt en dat blommen en in leave frou by de finish mear wurdich is as it Krúske. It krúske dat no neist dy fan de 11 stêden ryd- en fytstocht hingje kin.

It is no woansdei en ik moat net al te folle dwaan, om de spieren wat te sparjen, it giet de goede kant op, alles funktioneert wer aardich. Echt in oanrieder hear, foaral ûngetraind, ferjitst nea wer!

Jehannes.

Boargerlike stân

Meidielings foar dizze rubryk graach skriftlik oan'e redaksje

Ferstoarn : *Tsj. Algra-Wijngaarden, 6 septimber.*

Us meilibjen.

Berne : *Symke Aleyt 27-05, famke fan K. en S. Nieboer.*
Wiebe 26-06, jonkje fan R. en E. Bakker
Tim 22-08, jonkje fan J. en L. Henzen
Robin 10-09, jonkje fan E. en A. Bijlsma

Lokwinske !

Ontzettend blij en gelukkig zijn wij met de geboorte
van onze zoon en mijn broertje

Robin

Eric en Anita Bijlsma-Haitjema
Sven

10 september 1998
Sylroede 31, 8765 LW Tjerkwerd
0515-579839

Komt u beschuit met muisjes eten, laat het ons dan even weten.

Blij en verwonderd over dit nieuwe leven ontvingen wij uit Gods hand een zoon en broertje

Timotheüs Daniël

Tim

22 augustus 1998

J. Henzen en N.E.J. Henzen-van der Endt
Janne en Johan
Trekweg 54, 8768 AE Parrega
Telefoon: 0515-579196

Tankber en bliid dogge wy tynge
fan de berte fan ús famke en suske

De 27e fan de blommemoanne 1998

Kees en Sietske
Nieboer-Fritsma
Wytske Jennechje
Tine Akke

Symke Aleyt

Jonkershuzen 3
8765 PA Tjerkwert

Bydragen

G. Reyenga-v.d.Wal , Witmarsum; Y. Kroontje, Singel; M.v.d. Wal; Bolsward; R. Steur, Sylroede; S. Postma, Arkum; J. Velema, Beilen; T. Twijnstra, Hellendoorn; A. de Jong-Jorritsma, Waltaweg; A.van Lingen, Singel; A. Galama-Ypma, Bolsward; H. Schakel, Sylroede; K. Abma, Sneek; P. Kroneman, Nijmegen; T. Bakker- Elzinga, Bolsward; D. Bakker-de Jong, Arkum; P. Poelstra-de Jong, Dedgum; J. Witteveen, Waltaweg.

Eltsenien tige tank foar jimme bydragen!!!

Bedankjes

Hjirby wolle wy alle minsken út ús doarp bedanke foar de kaarten, blommen en presintsjes, mar foaral ek foar de belangstelling dy 't wy krigen mei de berte fan Wiebe.

Groetnis, Roelof en Edith
(en Wiebe fansels!)

****

Voor alle Tjerkwerders,

Nu we alweer een paar maanden in Bolsward wonen willen we iedereen hartelijk bedanken voor de vele kaarten en bloemen die we hebben gekregen voor onze "nieuwe" woning.
Ieder die eens een kijkje bij ons wil nemen en gezellig een kopje koffie wil drinken is van harte welkom bij ons op de flat.

Ons nieuwe adres is: Boudewijnstraat 13
8701 XR Bolsward.
Tel. 580090
Voor ieder een hartelijke groet van

Marten en Annie v.d. Wal

****

Beste mensen,

Op 25 juni waren wij, Yeb en Trudy Witteveen, 25 jaar getrouwd. Dit was op de donderdag van Heamiel. We hebben de donderdag en de zaterdag een heel leuk en gezellig feest gehad met veel familie, vrienden, collega's en bekenden.
Via ons dorpskrantje willen wij iedereen heel hartelijk bedanken voor de bijdragen die jullie, op welke manier dan ook, hebben geleverd.
Hopelijk mogen we nog vele jaren, gezond en gelukkig met onze kinderen, genieten van het leven.
Nogmaals bedankt en tot ziens.

Yeb en Trudy Witteveen-Hettema.

Nationale Collecte Epilepsiebestrijding

De collecte van het Nationaal Epilepsie Fonds- De Macht van het Kleine, die plaatsvond van 7 t/m 13 juni 1998, heeft in uw gemeente f. 461,-- opgebracht.

Met de opbrengst van deze collecte kan daadwerkelijk aan de bestrijding van epilepsie worden gewerkt.

Op wetenschappelijk terrein kan verder onderzoek verricht worden om meer te weten te komen over de oorzaken van epilepsie. Mensen met epilepsie kunnen blijvend een beroep op het Fonds doen wanneer zij door hun epilepsie in financiële moeilijkheden geraken. Voorts kan meer speciale aandacht worden besteed aan speciaal onderwijs voor kinderen met epilepsie en aan recreatieve activiteiten voor zowel volwassene als voor kinderen met epilepsie.

Dit is echter slechts een greep uit de vele activiteiten die door het Nationaal Epilepsie Fonds worden verricht.
Dankzij uw hulp kunnen wij hiermee doorgaan.

Namens alle mensen met epilepsie, hartelijk dank aan de gevers!

****

Nederlandse Kankerbestrijding Koningin Wilhelmina Fonds

De opbrengst van de collecte voor de Kankerbestrijding heeft opgebracht:

Tjerkwerd	f. 678,60
Dedgum	f. 138,20
Parrega	f. 834,80
Hieslum	f. 204,--

Alle collectanten hartelijk dank voor hun inzet en alle gevers hartelijk dank voor hun bijdrage.

Als zelf lezen een probleem wordt

Laat u dan voorlezen!

Gesproken lectuur: niet alleen voor blinden en slechtzienden.

Voor blinde en slechtziende mensen is gesproken lectuur een uitkomst. Maar niet alleen voor hen. Ook patiënten die lijden aan reuma, de ziekte van Parkinson of multiple sclerose, mensen met afasie of dyslexie en zij voor wie het lezen van een boek te vermoeiend is geworden, kunnen gebruik maken van de dienstverlening van de Nederlandse Luister- en Braille bibliotheek (NLBB).

De NLBB, met haar hoofdvestiging in Den haag, heeft in de loop der jaren een flinke collectie gesproken boeken opgebouwd. Dat zijn boeken, die op cassette zijn ingesproken en met een gewone cassetterecorder kunnen worden beluisterd. Naast romans, waaronder boeken in het Fries, Gronings en Drents, informatieve boeken en jeugdboeken, zijn er ook ongeveer 300 kranten en tijdschriften ingesproken vorm beschikbaar, bijvoorbeeld het Nieuwsblad van het Noorden, de Leeuwarder Courant, Trouw, de Consumentengids, Margriet, Story, enz.
Gebruikers krijgen de door hen gewenste materialen per post thuis gestuurd en sturen ze **gratis** per post terug.

Humanistisch Centrum voor levensvragen in Friesland

Met ingang van mei 1998 is in het zuidelijk deel van Friesland een Humanistisch Centrum voor Levensvragen (HCvL) begonnen.
Mensen die behoefte hebben aan ondersteuning, oriëntatie en inspiratie kunnen een beroep doen op dit centrum.

Met de aan het centrum verbonden raadslieden kan men vertrouwelijke gesprekken voeren over levensvragen als dingen anders lopen dan verwacht, bijv. bij ziekte, ontslag, relatieproblemen en eenzaamheid.

De humanistische raadslieden begeleiden mensen vanuit de humanistische levensvisie. Deze gaat ervan uit dat een mens zelf betekenis en richting geeft aan het leven. Zij helpen de cliënt dan ook om beter zicht te krijgen op wat voor hem belangrijk is in het leven en steunen hem bij het maken van keuzes.

Het tarief van de individuele hulpverlening is afhankelijk van het inkomen van de cliënt en bedraagt maximaal f. 95,-- per gesprek.

Kijk eens wat vaker in de spiegel van jezelf...

Er was dit jaar een geslaagd dorpsfeest, de meesten onder u zullen het met ons eens zijn. Gezelligheid overheerste! Dat aan het slot van het feest een aantal op- , maar vooral aangeschoten jongeren van buiten Tjerkwerd moedwillig rotzooi begonnen te trappen, is dan ook zuur te noemen. Goed, we lezen dagelijks in de krant over dit soort praktijken en we lijken er al aan gewend. Deze jongeren nemen het niet zo nauw met het algemeen fatsoen en vinden het blijkbaar heel gewoon om 'op een feest de beest' uit te hangen. Toch zouden ze beter kunnen en moeten weten. Het is gewoon foute boel. Iedereen weet dat het niet deugt als je opzettelijk andermans bezit vernielt of midden in de nacht als een idioot te keer gaat. Het getuigt van weinig respect voor je omgeving, voor de ander. Eigenlijk betekent het deze jongens en meiden zichzelf ook (nog) niet zo zien zitten. Dat maakt het dan ook extra triest. Ze zouden in een andere spiegel moeten kijken. In eentje waar ze zichzélf eens een keertje echt kunnen zien. Gezellig gek doen en lol maken..., daar zeggen we allemaal ja tegen ! Rotzooi trappen en vernielen. Nee, 'wa hat dêr no ferlet fan ?'.

De redaktie

Snypsnaren

R & A-'s eigen multyfunksjoneel sintrum is okkerdeis op passende wize iepene.

S + T. B. hienen fakânsjewurk en wienen dûbel oan't buorkjen, dat se hienen it smoardrok.

De belle fan de skoalle krige op in jûn de kribels en toetere oan ien stik troch. Mei in tange en trije knippen hat master H. dêrom it apparaat fermoard. B.M. fan de Waltawei hat letter mei sukses reanymaasje tapast.

Y. + T. W. hienen in ko yn 'e sleat. Dat saakje los ik wol op, tocht Y. en jawol....eefkes letter siet ek de trekker yn't wetter.

Oranjeferiening !. Hat J.Z. no al in medalje krigen ? Hy wol it sa graach... en hat it earlik fertsjinne.

R.H. hat koartlyn har hier grien ferve. Frjemde kleur, wat ! It wie dan ek de bedoeling net. It foel der samar yn, sille wy mar sizze.

Us G.W. fan 'e redaksje ferstiet it skriuwersfak. Hy hat in nijsgjirrich stikje skreaun oer it Nota-tsjerkje. Hjirby stekke wy G. dan ek in fiter yn de broek. Wat, wol twa...

Hawwe jo de prachtige foto yn de krante fan D.W. op de tsjerketoer fan Parregea ek sjoen. Net allinne in dappere D., mar ek de fotograaf hie grif gjin lêst fan hichtefrees.

Deis nei it doarpsfeest soe I.S. oan't fervjen. Dat pakte er profesjoneel oan. 'Rântsjes en hoeken doch (kin) ik hjoed net, allinnich de grutte flakken', sei I.

De saak fan it prommemystearje op de Sylroede is útiten. In nij pûdsje fol hearlike prommen op de stoepe fan de fam. H. joech it antwurd. Mar wy fan de redaksje witte wol better. It speurwurk is noch net dien, K.

Op it doarpsfeest is B.J. net allinich heas wurden, mar ek it gehoar wie net mear sa skerp. It wie net Lee Towers dy't dy dat tútsje joech, mar in Litouer. Do hiest it ommers ek wol oan de bril sjen kind. Of wurde dyn eagen ek al wat minder ?

Frou T.B. wit no wat in cola-light is. Der wurde jo wat licht yn 'e holle fan.....

Mei in tal boatsjes op nei Boalsert ta. Bern fan de skoallen yn Wûnseradiel wienen útnoege om de iepening fan it N.M.E. sintrum (natoer-bibleteek) by te wenjen. Wynkrêft acht en in skipper fan de 8e klasse. Derôm oan't sa'n acht kear ta mei de kop yn de wâl. Fierders wie it wol in noflike middei hear !

O.P. siet op de knibbels yn gefjocht mei in wyld groeiend klimmerblêd. 'Dat is dit net in hazewinde ?', sa frege er. Nee O.P., dizze blêden hawwe gjin tosken.....

De Waltawei by de brêge is iepenbrutsen en wurdt foarsjoen fan in nei weidek. Dat is moai. Spitich dat se de stoepe ek net even meinimme yn 't wurk. It is hast net te leauwen, der is ommers in poerbêste tegelbakker yn Makkum.

Kopy en snypsnaren
graach
foar 7 desimber

Ta beslút in gedicht (ynstjoerd)

TSJERK...

Yn Trynwâlden wenne grutte Tsjerk,
de man wie âld, mar o sa sterk.
Hy hie dêr buorke, hiel syn libben
en wenne allinne, sûnder sibben.
Ynienen krige Tsjerk it yn syn kop,
it âld spul soe plat en nij d'r op.
Hy is doe nei de bank ta set,
mar de direkteur sei: 'doch it net!'.
Want as de tiid net bettter werd,
wit ik net hoe't dan mei *Tsjerk*wert.
Want it is in minne Ty*tsjerk*,
tocht'sto dat 't samar Gy*tsjerk*
Do bist dêrfoar te Ald*tsjerk*,
dus is de tiid net Ryp*tsjerk*.
As't trochsetst bist in Oen*tsjerk*,
Boppedat, do stiest yn 't Read*tsjerk* !

(Burgum, D.)